

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 42




© Foto útjouwerij van der Meulen bv Snits

Tsjaerddyk 42

Yn Folsgeare is net in timmerman en út de tsjerkeboeken falt op te meitsjen dat fan 1697 ôf Broer Pybes, master timmerman út Drylts, regelmjittich reparaasjes docht oan'e tsjerke en de toer oant 1715. Fan 1725 ôf docht Schelte Edgers sa út en troch it timmerwurk.

Yn 1739 wennet Schelte Edgers yn Tsjalhuzum en is hy de fêste timmerman foar de tsjerke fan Folsgeare oant 1752. Syn soan Edger Scheltes giet, as hy âld genôch is, mei syn heit mei op paad om syn heit te helpen en it fak te learen. Yn Folsgeare komt hy yn'e kunde mei Ymkjen Freerks. Se trouwe yn 1751 en sette harren ta wenjen oan'e Tsjaerddyk 42. Edger begjint hjir in winkel en timmersaak.




Ysbrechtum, 9 maaie 1751

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 42

Yn 1753 krije Edger en Ymkje in soan dy't nei syn pake neamd wurdt, Schelte Edgers. Schelte wurdt doopt yn 1753 yn Folsgeare.



Den 7 Oct: Een zoon van Edger Scheltes en Ymkjen Freerks te Folsge Geb. aldaar den 22 sept. en gen. datzelve. (genoemd datzelve)

Se krije dêrnei noch in soan dy't Freerk Edgers neamd wurdt.

Schelte wurdt boer en begjint in komelkerij oan 'e noardkant fan de Tsjaerddyk nêst it tsjerkehûs.

Nei it ferstjerren fan Edger Scheltes yn 1783, wurdt hy opfolge troch syn soan Freerk Edgers. Freerk wennet oant likernôch 1795 yn it doarp.

Nei 1800 komt Bauke Jans, master timmerman út Ysbrechtum, nei it doarp foar reparaasjes oan 'e tsjerke. Hy ferstjert yn 1808 en it doarp moat wer op syk nei in oare timmerman.


Schelte Edgers is eigner fan it pân en lit nei syn ferstjerren yn 1818 alles nei oan syn húshâldster Pietje Baukes. Yn 1821 ferkeapet Pietje Baukes it pân op Tsjaerddyk 42 oan timmerman Johannes Paulus Spiering út Easthim. Johannes Spiering is yn 1821 troud mei Trijntje Harmens Dijkstra en se begjinne yn Folsgeare in timmersaak.

De timmersaak fan Johannes Spiering wurdt al gau te lyts en hy bout om 1836 hinne oan de oare kant fan de Folgeasteropfeart in nij pân op grûn fan 'e tsjerke, neamd de Baetwe, (Tsjaerddyk 44).

De âlde timmersaak wurdt ferkocht oan Hans Meinderts Kreger, dy't dêr begjint mei in in kûperij. Hans Kreger is 35 jier en noch frijfeint. Syn heit Meindert wennet nei it ferstjerren fan syn frou Janke Hanzes Bander by him yn.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 42



Folsgeare om 1836
hinne

It hûs hat by de oername twa wenlagen. Under is in foarportaal mei tagong nei de wenkeamer, de kelder en de winkel. Boppe is noch in wenkeamer mei dêrnjonken bêdromte. Op it hiem stiet it sekreet, de reinwetterbak en in houthok. By it hûs hearre ek slattingskosten fan'e Tjaerdfear en it ûnderhâld oan it Tiltje.

Hans Kreger trout yn 1840 mei Doutzen Gerbens van der Werf en yn 1841 wurdt harren iennige bern Janke berne.

De kûperij is ek in learskoalle foar de jonges út Folsgeare en de doarpen út de omkriten. Sa komt Freerk Willems Twijnstra út it doarp op jonge leeftyd yn tsjinst as kûperslearling.

Yn 1850 wurdt Freerk Willems kûpersfeint yn Nijlân. Yn 1851 trout er mei Femmigje Ulbes de Boer út Abbegea. Ze geane nei Folsgeare te wenjen en hy komt wer yn tsjinst fan Hans Kreger. As Hans Kreger yn 1858 de saak ferkeapet wurdt Freerk Willems de nije eigner fan de kûperij. Freerk en Femmigje krije 7 bern tusken de jierren 1852 en 1867.

Yn 1868 ferstjert harren âldste soan Ulbe op sechtjin jierrige leeftyd. Willem Freerks, harren twadde soan, is kûpersfeint en de bedoelde opfolger fan it bedriuw. Willem Freerks trout mei Froukje Schildstra mar ferstjert yn 1884, noch mar 28 jier âld. Soan Pieter Freerks wurdt sintrifuzjist yn Wiuwert. Tjeerd Freerks is kûpersfeint by syn heit en trout yn 1890 mei Aaltje Piersma út Nijlân. Nei de berte fan harren earste bern Foekje ferhúzje se nei Genemuiden. Sjerp Freerks, de jongste soan, is bakkersfeint en ferhuzet nei syn houlik mei Lijsbeth Koelstra nei Aldemardum, dêr't er bakker wurdt.

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 42

Freerk Willems syn frou Femmigje ferstjert yn 1894 en hy bliuwt allinne efter. Hy hat net in soan dy't it bedriuw oernimme kin, mar bliuwt aktyf. It pân dêr't er yn wennet, is sa âld dat it eins net mear bewenber is.

UIT DE HAND TE KOOP

een **BURGERHUIS** met ruime **WERKPLAATS**,
tevens geschikt voor vele doeleinden, in het
dorp **Folsgeare**.

Te bevragen bij **F. W. TWIJNSTRA**.

LC: 12 desimber 1908

Syn broer Gerrit Willems is timmerman en keapet it pân fan Freerk en set der yn 1910 in nij bedriuwspân del. Freerk Willems wennet der, mar hoecht op 85 jierrige leeftyd net mear te wurkjen. Hy ferstjert yn 1914 en is dan 89 jier.



Freerk Willem Twijnstra foar syn hûs

Tsjaerddyk 42 om 1912 hinne

Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 42

Klaas Grondsma, feekeapman út Easthim, keapet it pân foar syn dochter Japke. Hja hat ferkering mei Oeds de Jong, slachtersfeint út Snits. Hy lit it pân ferbouwe ta in slachterij en nei harren houlik yn 1915 wurdt Oeds slachter yn Folsgeare.

Oeds en Japke krije twa dochters. Dochter Janke ferstjert as se in pear moanne âld is. Dizze klap betsjut de ein fan harren houlik. Oeds set ôf nei Haarlem en Japke giet werom nei Easthim.

Der wurdt boelguod holden.

LC-july 1920:

Bijna nog nieuwe SLAGERSGEREEDSCHAPPEN als toonbank, hakblok, kranstafel, bascule met gewichten, bal-bascule, top- en hakmachine, kookpot, vleeschvat, bakjes, takels, schammels met tafel bloedbak, hakmessen, zaag, schrobber, haken, schietapp met patronen enz.

Klaas Grondsma set it pân te keap en Folkert Raukes de Hoop út Sint Nyk keapet it foar syn dochter Wiebigje en skoansoan Reitze Sybesma. Wiebigje is yn 1917 troud mei Reitze, slachter yn Sint Nyk. Hja sille besykje yn Folsgeare in nij libben op te bouwen. Se komme op 23 augustus 1919 yn Folsgeare te wenjen en sette op 15 desimber 1919 wer ôf nei Sint Nyk.

It libben yn in lyts doarpke wie mooglik net sa't se dat harren foarsteld hiene.

Op 20 maaie 1920 trout Douwe Posthuma út Nijlân mei Aagje de Boer. Douwe folget Reitze Sybesma op as slachter yn Folsgeare.

Douwe en Aagje krije 10 bern wêrfan letter Idske en Thomas yn Folsgeare wenje.

Idske trout mei Wutte Zijlstra. Se sille letter wenje oan 'e Tsjaerddyk op nûmer 27, dêr't dêrnei harren soan Wout Zijlstra wenje sil. Thomas en syn frou Tine komme werom nei Folsgeare en litte yn 1975 in hûs oan de Folsgeasterleane (5) bouwe.

Idske Posthuma



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 42

Yn 1948 komt der in ein oan de slachterij as Klaas Damstra der komt te wenjen oant 1961. Molkeferkeap komt derfoar yn it plak. Klaas Damstra wurdt opfolge troch Jelle Hooijnga dy't de saak yn 1968 oerdraacht oan Klaas Kramer dy't hjirwei mei syn S.R.V. wein de regio betsjinnet.



1973

Nêst Tsjaerddyk 42 stiet de SRV wein fan Klaas Kramer. (midden-links op de foto)

Yn 1982 lûkt Kramer yn in nij pân oan'e Tsjaerddyk op nû 31a dêr't er in grutte loads mei moderne foarsjennings kriget. Mei it fuortgean fan'e famylje Kramer komt der in ein oan in iuwenâld bedriuwspân en wurdt it in wenhûs.

Tsjaerddyk 42 yn 2006

Hans en Anja Koster wenje fan 2004 oant 2018 oan de Tsjaerddyk. Se litte yn 2013 it pân yngreven ferbouwe.



Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 42



Fan novimber 2018 ôf binne
Roderick Ketelaar en Aukje
Paulusma mei harren dochter
Sarah de nije bewenners fan
Tsjaerddyk 42

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewerking en oersetting: Wytske Heida:

Foto's: db Folsgeare, uitg. van der Meulen bv Sneek, Atse Bruin, Wytske Heida

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.